


# Kwis: Hoe miljeu- bewust bisto?

**1** Do moastst foar jimme mem cola helje.  
Wat dochsto?

- a. Ik keapje seis blikjes, want dat is yn 'e reklame.
- b. Ik keapje in litersflesse.
- c. Ik keapje seis lytse plastik fleskes.



**2** Do hast sels in stikje tún. Dêr hast ûnder oaren slaadplantsjes yn. Dy wurde oanfretten troch de slakken. Wat dochsto?

- a. Ik keapje 'slakkendood' en strui dat om de slaadplantsjes hinne.
- b. Ik sykje de slakken op en doch der sâlt op.
- c. Ik set glêzen potsjes mei bier tusken de planten.

**5** Do hast jild krige om in t-shirt te keapjen.  
Wat dochsto mei it âlde?

- a. Dat doch ik by it ôffal.
- b. Ik bring it nei de kleankontener.
- c. Ik fervje it yn in moadekleur en doch it wer oan.


**3** Do bist abonnearre op Sjedêrrr!!!  
Wat dochsto mei de âlde nûmers?

- a. Dy smyt ik, as ik se út ha, yn de papierkontener.
- b. Ik smyt se nei it lêzen yn de grize ôffalkontener.
- c. Ik bewarje se.



**4** Do waskest regelmjittich jimme auto.  
Hoe dochsto dat?

- a. Ik brûk rojaal wetter en sjiippe.
- b. Ik brûk allinne wetter, mar set wol de tûnslang der op, want dan wurdt er lekker skjîn.
- c. Ik brûk in pear amers wetter en spûns en lear.



**6** Jim skoalle docht mei oan de wedstriid:  
'Skjinste skoalle fan de gemeente'.  
Wat dochsto?

- a. Ik sykje fuort alle rommel om 'e skoalle hinne op.
- b. Ik tink der goed om dat ik gjin rommel meitsje.
- c. Ik fyn mysels al miljeubewust genôch en doch earst neat.

**7** Fan hokker organisaasje soesto  
jeugdliid wêze wolle.

- a. Amnesty International.
- b. Greenpeace.
- c. De Waadferiening.



**8** Do hast in nije bûslampe noadich.  
Wat dochsto?

- a. Ik keapje ien mei in gewoane batterij.
- b. Ik keapje ien mei in oplaadbere batterij.
- c. Ik keapje ien mei in oplaadbere batterij en halogeenlampe.

Rekkenje IEN punt foar:  
1a, 2b, 3c, 4b, 5c, 6b, 7c, 8b.  
Rekkenje TWA punten foar:  
1c, 2a, 3b, 4a, 5a, 6c, 7a, 8a.  
0-3 punten:  
Do bist tige miljeubewust. Besykje it fol te halden!  
4-8 punten:  
Do bist as it dy útkomt wirts wat miljeubewust, mar  
in bytse kritysker nei dyse sjen kin gjin kweat!  
8-16 punten:  
Do bist in saneamd miljeubarhje. Der meist wol wat  
oan dwaan, heart!

UTSLACH